

Yn aksje

Kommende tiid binne der alderhande aksjes ferbûn mei KF Jan Reitsma Reduzum.

Muntessammelje by de Poiesz, it meitsjen fan skema's foar wedstriid-, frijwilligers- en sponsorsaktiviteiten. Us webside bywurkje mei de nije ynfo. Jim kinne in flyer ferwachtsje dêr't no oan wurke wurdt. It neisjen fan de materialen, reparearje, fervje, en nij bybestelle. En op de eftergrûn alderhande organisatoaryske saken, trainers, helpen, KNKB-dingen ensfh. And last but not least: minsken entûsjast meitsje foar ús keatsferiening mei har ferskaat oan spulfoarmen. It Belgysk/Frânske Jeu de Pelote, it Spaanske/Amerikaanske Wallball en fansels ús eigen Fryske spul foar jong en âld, mei fariaasjes yn fuotbalkeatsen, pearkekeatsen of teatsen. Sjoch sa no en dan ris op ús webside!

Mei it opromjen ha wy in toetseboerd fan in tillefoan fûn. Kinste it Nederlânske boadskip ûntsiferje?

37 96738 4273 4393758 226 33 643893
9327483, 6336 3367 336 545553:
999.5228783736444645267348762.65

De oplossing kin maild wurde nei kfjanreitsma@gmail.com.



Wintertoernoai

De earste wedstriid fan dit jier is in feit. Fjouwer jeugdleden en seis senioaren sammelen har yn de sporthal fan Grou. Alle kearen mei in oare maat, hat elkenien trije wedstriden spile, ûnder lieding fan Anique en Willem. Nei de tiid wie der in gesellige buorrel yn de sportkantine fan Reduzum, dêr't ek de prizen útrikt binne. Lokwinske allegear!

1e priis Leo Koopmans
2e priis Jort Bergsma
3e priis Jelmer Roorda & Niels van Balen

1e priis Lars Tijssen
2e priis Johannes Gerben Brinksma
Oanmoedigingspriis Hans Brinksma



Ut de alde doaze

1^e Priis ôfdieling famkes yn 1994 yn Wergea – f.l.n.r. Baukje Jorna, Esther Elzinga en Annie Visser



Jeugd Sponsoraksje fan Poiesz Supermerken

Dit jier dogge we wer mei oan de jeugdsponsoraksje fan Poiesz Supermerken. Wy wolle safolle mooglik munten yn 'e koker fan ús klup hawwe. Hoe mear punten wy sammelje, hoe heger it sponsorbedrach dat keatsferiening Jan Reitsma Reduzum krijt. Us koker stiet dit jier by de Poiesz yn Grou.

Krij euro's foardiel en skoar foar ús klup

- 1 munt by elke € 10, - oan boadskippen (eksklusyf staasjejild)
- 1 munt by tsientallen jeugd sponsorprodukten
- 5 munten by spesjale wykoanbiedingen
- 15 munten by de spesjale fruit- of griente-oanbiedingen

**De koker stiet by de
Poiesz yn Grou, mar
munten kinne ek yn 'e
bus fan
Banqmastrjitte 13**

